een 'droompaleis van het echtpaar Vegter'. Het is samengesteld uit delen van eerdere huizen en torent als een '...rustig flatje, hoog boven de Oldehove' uit op het Oolderhoofsterkerkhof. Er is zelfs gedacht aan ruimte voor een helikopter, 'om wat sneller naar Den Haag te kunnen gaan'. Op de tekening staan vele verwijzingen naar het jubileum: de tekening behoort bij 'bestek n° 25', het blad heeft als nummer '25' en de schaal is (uiteraard) '1:25'. De aanbesteding heeft 'ondershands' plaatsgevonden op '14 maart 1964'. ■

Riemer Janssen is collectiebewerker bij Tresoar. Bij het beschrijven van archieven komt hij de mooiste schatten tegen. In deze nieuwe rubriek zet hij bijzondere archiefstukken in de spotlights. Soms gaat het om stukken die al beschreven zijn, soms om archiefstukken die dat nog niet zijn.

Sjoerd Osinga, selfmade audioman

Sjoerd Osinga út Drachten is in pionier as it giet om audiofisuele-opnames yn Fryslân. Benammen yn de jierren santich en tachtich wie er belutsen by in grut tal produksjes. Doe't yn 2020 bekend waard dat it filmargyf útwreide mei in audio-argyf, naam er daliks kontakt op. Hy woe syn kolleksje fan hûnderten lûdsbannen skinke, dy't no ynventarisearre binne. Wa is dizze autodidakt?

Om 1952 hinne begûn Osinga te eksperimintearjen mei de gehoarapparaten fan syn mem, dy't se nei in earoperaasje net mear nedich hie. Al gau boude er mikrofoans, fersterkers en tuners. Syn selsboufersterkers waarden rûnom ynset: fan politike manifestaasjes en iepenloftspullen oant optredens yn De Lawei. begjin jierren sechtich kocht er in Nagra III (opname-apparaat), mingpaniel en Soundbooth (lúdfrije romte). As freelance 'lúdyngenieur' wurke er as opnamelieder en adviseur by plaatopnames, film en teäter, lykas by de ferneamde Noorder Compagnie mei Rutger Hauer.

Sjoerd Osinga (links) mei Pieter de Boer, foarsitter fan de stifting, yn de studio, om 1980 hinne. (Foto Harmen G. Honnef)



Yn 1974 waard Osinga waarnimmend haad fan de audiofisuele tsjinst fan de learare-oplieding Ubbo Emmius yn Grins en Ljouwert. Hy rjochte dêr audiofisuele studio's yn, brocht dy technyk yn de biblioteken, fasilitearre studinten dy't dêrmei eksperimintearren yn it ûnderwiis. Yn 1980 waard er wer freelancer. Koart dêrfoar rjochte er mei Harmen G. Honnef en Pieter de Boer de Stifting Lûd- en Byld-Dokumintaasje op mei as doel it fêstlizzen fan Fryske kultuer yn byld en lûd. De mannen seagen dy opdracht breed. Fryske kultuer koe oer feroarjend lânskip gean, wiken en gebouwen dy't ferdwûnen, bysûndere taaluterings, it Frysk Festival fan 1980 of de skiednis fan in prúmtabaksfabryk yn Drachten.

Ien opname hat foar my persoanlik emosjonele wearde: de registraasje fan it stik 'Pro Regio' fan it ûnderwizerskabaret fan Roel Bergsma. Us heit spile dêryn syn glânsrol fan de 'moderne supporter'. Mei ketting en mes stie er op 'e planken en yn syn 'supportersliet' sette er in hooligan del, doe in frij nij ferskynsel, mei û.o. supporters fan ADO Den Haag dy't nei in wedstriid tsjin Cambuur it stasjon fan Grou sloopten. Doe't ús heit ôfrûne simmer stoar, koene wy mei tank oan Osinga him as hooligan weromsjen en hearre. Yn de Osinga-kolleksje sit benammen weardefol audio-erfgoed. Parten kinne we digitalisearje en online op ús nije webside presintearje. ■

Yn de rubryk Operaasje Audio skriuwe meiwurkers fan it Frysk Film & Audio Argyf oer ûntjouwingen en bysûndere fynsten. De kommende jierren wurde audiokolleksjes út de Tresoardepots beskreaun en digitalisearre en komme se, as dat wat rjochten oanbelanget kin, ek online beskikber.

Duitsers in Leeuwarden

Ivar Tolhuizen (links) en Herre Stienstra deden onderzoek bij Tresoar voor hun profielwerkstuk. (Foto Inge de Vries)

Ivar Tolhuizen en Herre Stienstra, twee leerlingen van het Stedelijk Gymnasium in Leeuwarden, vertellen over hun profielwerkstuk waarvoor ze bij Tresoar onderzoek deden.

‘We wilden eerst onderzoek doen naar de naoorlogse ruimtelijke ontwikkeling van Leeuwarden, maar daarover konden we niet veel informatie vinden. Toen besloten we te kijken naar Leeuwarden in de Tweede Wereldoorlog, een beter afgebakend onderwerp in een bepaalde periode.’

Op school hadden Ivar en Herre vooral les over Nederland tijdens de Tweede Wereldoorlog gehad. Er was nauwelijks aandacht voor de eigen omgeving: ‘En dat vonden wij nou juist interessant. Op internet vonden we informatie over de oorlog in Leeuwarden. Bij Tresoar hebben we er boeken over aangevraagd, waarbij we goed werden geholpen.’ Ze besloten hun werkstuk over het verzet in Leeuwarden te doen: ‘We hebben ons in drie thema’s verdiept: de buurt waar de Duitse soldaten verbleven, de vliegbasis van Leeuwarden en de overval op de Blokhuispoort. We ontdekten dat veel Duitsers rondom de

P.J. Troelstraweg woonden. Er was sprake van een Duitse buurt. De soldaten verbleven daar, omdat ze op de vliegbasis in de buurt werkten.’

Omdat Ivar en Herre een beetje laat op gang kwamen - ze begonnen vier weken voor de deadline - konden ze niet meer onderzoek doen. ‘Anders hadden we graag willen kijken waar nog meer Duitse soldaten waren ondergebracht. Ook onderzoek naar de joodse gemeenschap in Leeuwarden leek ons interessant.’

Zodra de jongens hun diploma hebben, lijkt het Ivar interessant om rechten of geschiedenis te studeren. Herre wil meer de economische kant op en denkt aan een studie international business. ■

Tresoar geeft trainingen aan bovenbouwleerlingen hoe ze onderzoek voor hun profielwerkstuk (pws) kunnen doen. Daarbij leren ze te zoeken in een catalogus, archiefstukken aan te vragen en na te gaan of informatie betrouwbaar is. Ook benieuwd naar de profielwerkstuk-faciliteiten bij Tresoar? Scan de QR-code:



Papier, watermerk en band onthullen geschiedenis

Jonkheer Matthijs Julius van Beijma schonk in de negentiende eeuw een uniek album amicorum aan de Provinciale Bibliotheek. De eerste eigenaar bleek Wybrand de Geest (1592-ca. 1665) geweest te zijn, dé portretschilder van de Friese *high society* in de zeventiende eeuw.

Vlak voor Wybrands vertrek uit Leeuwarden naar Utrecht in 1611 schreven drie vrienden een persoonlijk afscheidswoord in het nog maagdelijke album en maakten er een tekening bij. In de jaren daarna ging het boekje overall mee naar toe en vulde het zich met bijdragen van studenten en collega's in binnen- en buitenland. Na thuiskomst bewaarde de schilder de perkamenten band met gekoesterde inhoud als herinnering aan zijn Grand Tour.

Papier

Uit het album amicorum missen echter pagina's, die eruit zijn gesneden of gescheurd. Herre de Vries, papier- en boekrestaurator bij RNA – restauratie nijhoff assen en onderzoeker bij Pastei, onderzoekt het album zorgvuldig. Klaas

Roorda, restaurator bij Tresoar, kijkt en denkt mee. Niet te missen zijn de verfvlekken verspreid door het album. De Vries ziet echt meer in de smalle kimstroompjes dan het schamele restant van ontbrekende tekeningen van Wybrands kunstenaarsvrienden. Ze helpen hem vooral met de zorgvuldige telling van alle ooit aanwezige bladen of folia. Met een smal metalen haakje duwt hij voorzichtig de aanzet van de bladen uit elkaar om te kunnen zien, waar een blad ontbreekt. Tegelijkertijd zoekt hij naar resten van het naaigaren, waarmee het boekblok gebonden is. Dat kost duidelijk meer moeite.

Watermerk


Een ander wezenlijk aspect van materieel onderzoek is het vinden van de aanwezige watermerken



Voor- en achterkant van het album amicorum van Wybrand de Geest.

door het boek heen. Geduldig trekt de restaurator en kenner van handschriften alle gevonden fragmenten van watermerken over op vloeiend papier. Dat lukt met behulp van een led-lichtvel, waarmee ook de kettinglijnen en de waterlijnen van het scheptraam duidelijk zichtbaar worden. Nader onderzoek wijst uit dat het gaat om twee variaties van hetzelfde watermerk, een narrenkap met huismerk eronder. De Vries komt tot de voorzichtige conclusie, dat het boekblok van het album van Wybrand de Geest gemaakt is met zestien plano vellen papier, die na twee keer vouwen elk vier folia opleveren en dus acht beschrijfbaar bladzijden. Het papier is vrijwel zeker afkomstig van dezelfde riempapier, een pak van 500 handgeschepete vellen.

De verfvlekken in het album zijn zichtbaar op de bijdrage van Frans Wijnants uit 1616.





Montage van het watermerk van de narrenkap door Herre de Vries. (Foto Herre de Vries)

Sinds de negentiende eeuw houden boekwetenschappers lijsten bij van de watermerken die ze in gedateerde oude drukken en handschriften tegenkomen. Dankzij de database van deze watermerken, die als een meege-schept logo van een papiermolen zichtbaar zijn in elk gedroogd vel papier, is in veel gevallen herkomst en maker van het papier te herkennen. Bovendien is het een onmisbaar hulpmiddel om een boek of handschrift te dateren, want bedrukking of beschrijving volgen in de regel vrij vlot op de productie van het papier. Voor Wybrands album is die hulp bij het dateren minder van belang, omdat de meeste schrijvers hun bijdrage voorzagen van hun naam, plaats en datum. Toch is het fijn, dat de herkenning van dit specifieke watermerk de authenticiteit van het papier in dit album bevestigt: het is vrijwel zeker afkomstig van papiermaker Dürr uit Basel en



Het blindstempel wordt overgetrokken.



Klaas Roorda (links) en Herre de Vries bekijken het album. Op de opengeslagen bladzijde de bijdrage van kunstenaar Wouter Pieter Crabeth II uit Gouda.

geschept in de vroege zeventiende eeuw. Erik Hinterding, conservator Prenten bij het Rijksmuseum in Amsterdam, had deze papiermaker al herkend op basis van een eerste montage, die nu bevestigd wordt door het onderzoek van het volledige album.

Band

Een andere belangrijke ontdekking is, dat de bladzijde met de inscriptie over de schenking door Van Beijma het schutblad aan het begin van het album is geweest. Het zat daar oorspronkelijk op de binnenkant geplakt. De contouren van de inslagen van de perkamenten band zijn er nog op te zien en bij doorlichting zelfs een afdruk met duidelijke textielstructuur van een van de linten. Die linten zijn bij een liggend boek, dat bovendien mee op reis ging, noodzakelijk om de lange zijden bij elkaar te houden. Herre de Vries herkent de tekens van zeker

twee eerdere restauraties en verstevigingen, waarvan in elk geval eentje uitgevoerd is na de schenking door de jonkheer. Maar kijken we nog naar de originele band? De Vries ziet hier en daar op de bladen kleine afsnijdingen van tekst of een voorstelling en oppert een eerste veronderstelling: na terugkeer in Friesland zal een eerdere 'reis'band aan vervanging toe zijn geweest. Het boekblok werd gefatsoeneerd door het licht bij te snijden en de strakke snede blauw te kleuren. Op de nieuwe, zwartgeverfde perkamenten band zette de nog onbekende boekbinder aan voor- en achterzijde in het grote vergulde centraalstempel de initialen W.S. (Wybrand Simonszn.) en 1611, het jaar van vertrek. Misschien is het stempel ooit nog eens te verbinden met de boekbinder aan wie Wybrand de Geest het afgesloten hoofdstuk in zijn leven toevertrouwde. ■

Zoektocht

Voor een tentoonstelling over Wybrand de Geest zijn het Fries Museum en Tresoar een zoektocht begonnen naar ontbrekende pagina's uit het album amicorum van de Leeuwarder schilder. Uit dat album, dat in de collectie van Tresoar zit, missen 22 tekeningen. Dit is de laatste en derde bijdrage over het album.

As in fisk yn it wetter

Esther Timmerman. (Foto Haye Bijlstra)

Nei goed fjirtich jier giet Esther Timmerman mei pensjoen. De earste helte fan dy jierren siet se by de publike tsjinst (útlienbaly, stúdzjeseal) fan de Provinsjale Biblioteek en belibbe se in soad wille oan it kontakt mei de klanten. Mei't de PB yn 2002 yn Tresoar opgie, ferhuze se nei 'de achterkant fan it boekbedriuw', dêr't se mei niget wurke oan it katalogisearjen fan de boeken.

It is net frjemd dat boeken de reade tried yn it ferhaal fan Esther Timmerman (1957) binne. 'As bern lies ik al in soad. We wennen yn Amsterdam en ik wie lid fan de iepenbiere biblioteek dêr. Op woansdeitemiddei gie ik der allinne hinne en siet dan de hiele middei te lêzen.' En fansels liende se boeken. Har nijsgjirrigens nei ferhalen, kennis en oare wrâlden wie grut. 'Ik wit noch dat der fan dy boekjes oer útfiners as Edison wienen. Dy rige wie ik sljocht op.' Ek boarte se as famke biblioteekje. 'Ik hie briefkes yn de boeken plakt en sette dêr in stimpel yn en makke in útlienkaartsje as famylje in boek by my liende. Blykber hie ik doe al in idee oer in soarte fan administraasje. Dizze anekdoate die it letter goed by myn sollisitaasje, der waard smaaklik om lake.'

Paadwiis

Nei har havo-diploma die se in jier Pedagogische Academie en wurke yn de ferpleging. Beide foldie net en allerhanne baantsjes folgen fia it útstjoerburo, oant de PB yn 1982 op har paad kaam. Se wie fuort entûsjast. 'In pear jier earder wie ik mei myn freon by tafal yn Fryslân kaam. We sochten in betelbere wenning bûten de Rânestêd en fia fia die bliken dat sa'n hûs yn Berltsum stie. We binne der 'op de tomme' hinne gien en it waard Fryslân en dat is it ek altyd sa bleaun.' It Frysk learde se fan buorlju, Omrop Fryslân en troch boeken te lêzen. 'It earste wie 'De houn sil om jim bylje' fan Rink van der Velde. Dat pakte my sa, dat ik fuort alles fan him lêzen ha.'

By de baly en stúdzjeseal fan de PB hie se it bot nei it sin. 'Ik fûn it moai om klanten paadwiis te meitsjen yn de katalogus en te helpen by de útliening. Der wienen ek aparte klanten, mar dat joech kleur en ferhalen, al wienen der ek dy't knap lestich wienen en dêr't we it leafst even foar ûnderdûkten.' Dêrneist folge se de biblioteekoplieding dêr't se fan alles learde oer boekhistoarje, bibliografyen en katalogisearjen. 'Ik hâld derfan om te oarderjen en boeken goed te beskriuwen sadat se te finen binne yn katalogus en magazyn.' Dy oplieding kaam goed fan

pas doe't se yn 2002 de oerstap makke en 'útfierder metadata' waard troch publikaasjes yn it systeem te beskriuwen.

Walhalla

Tal fan boeken krige se sa ûnder eagen en tal fan boeken liende se om te lêzen. 'Ik tûge altyd mei in rêchsek of tas mei boeken nei hûs. De byb wie in walhalla. Ik ha in brede belangstelling, neist literatuer ek foar keunst, muzyk en skiednis. Ik ûntduts alle kearen wer wat oars.' Sa fûn se ek wat fan har eigen famylje yn de argiven. 'Myn oerbeppe kaam fan it eardere eilân Wieringen en hiet fan Wigbout. Yn in genealogy kaam ik it ferhaal fan in foarâlder Jacob Wigbout tsjin dy't 'om den brode' in dichtbondel útbrocht hie yn 1823. En it earste datst dochst, is sjen oft dat yn de eigen katalogus stiet. En dat wie sa, bysûnder toch? It jout oan datst altyd wol wat nijsgjirrichs fynst yn ús enoarme kolleksje.'

Sels nei goed fjirtich jier is it noch altyd in ferrassing wat Tresoar bewarret. 'Dy kolleksje is sa grut. Ik stean alle kearen wer fersteld watfoar skatten der lizze. It soe moai wêze as dêr mear ûndersyk nei dien wurde kin. Der komt altyd wol wat út dêr'tst fierder mei kinst. Sa belibje ik dat sels ek. As ik mei in ûnderwerp dwaande bin, sjoch ik earst yn de eigen katalogus en dan komt der altyd wat brûkbers út.' ■

Neist Esther Timmerman gean noch trije Tresoarianen mei pensjoen: Haye Bijlstra, Uzi Hagai en Ubo Kooijnga. Benijd nei har ferhalen? Scan de QR-koades hjirûnder:



Uzi Hagai
(út 2008)



Haye Bijlstra
(út 2009)



Ubo Kooijnga
(út 2014)

Brieven van poppenspeler Feike Boschma

Brieven van de beroemde poppenspeler Feike Boschma (1921-2014) zijn overgedragen aan Tresoar. De collectie omvat de correspondentie van Feike aan zijn ouders en zussen in Ysbrechtum. Feike trok na de Tweede Wereldoorlog naar de Randstad met als doel beroepspoppenspeler te worden. In de brieven schief hij over voorstellingen en tentoonstellingen die hij zag, waar hij zelf mee bezig was en soms vroeg hij om praktische dingen.

‘Ik heb een zolderhokje gehuurd met een bed zonder lakens. Kan moe eens kijken of ik nog lakens in Y (Ysbrechtum, HB) heb? De dekens scharrel ik wel op. Maar lakens, daar zie ik geen kans voor’, zo is te lezen in een van de brieven aan zijn vader en moeder.

Feike Boschma werd geboren in Ysbrechtum. Vader Klaas was boer die droomde om postbode te zijn. Moeder Tjitske had veel interesse voor mode, theater, kunst en literatuur. Haar lapjesmand werd voor Feike een bron van inspiratie.

Het gezin ging regelmatig naar theateervoorstellingen en tentoonstellingen in Sneek en Leeuwarden. De jonge Feike zag in een tijdschrift van zijn moeder een marionet, gemaakt door de sierpoppenmaakster Grietje Kots. Het was een abstracte marionet, niet meer dan een lap met kleine handjes en een ronde kop. Hij was zo geïntrigeerd dat hij vanaf dat moment theatrale mogelijkheden zag met abstracte marionetten gemaakt van hoofdzakelijk textiel. Tijdens de Tweede Wereldoorlog zat Feike ondergedoken op de ouderlijke boerderij waar hij zijn eerste marionetten maakte. Hij ontdekte al spelend voor de spiegel dat ze de illusie gaven zelf te bewegen. Dat Feike na de oorlog beroepspoppenspeler wilde worden, was voor zijn ouders geen bezwaar. Direct na de oorlog gaf hij overal in Friesland voorstellingen. Hij speelde ‘De intocht der Canadezen’ en het marionettennummer ‘De kleine witte danseres’. Later zei hij daarover dat er in die tijd een ware cultuurhonger was. Iedereen had na de beklemmende oorlogsjaren het gevoel dat alles weer kon en dat ze niets wilden missen.

Detail uit een brief van Feike Boschma. Op de achtergrond de brieven van Feike Boschma, die zijn overgedragen aan Tresoar. (Foto's Haye Bijlstra)

Maar ik wilde eigenljk iets verslends ophjven: ik heb ee
zolderhokje gehuurd met een bed zonder lakens e
dekens. Kan moe eens kijken of ik my lakens i
Y heb? De dekens scharrel ik wel op.
Maar lakens, daar ze ik geen kans voor.
Dat was het.

Daar jeen graden e tot
plens + de 20^e

Graden van Feike

In een brief in 1946 vroeg hij Wim Sonneveld of hij met zijn marionetten een bijdrage kon leveren aan diens cabaretprogramma. Boschma werd aangenomen en mocht een fabel spelen. Hij zei later vaak in interviews dat wat hij van Sonneveld leerde over de grondbeginselen van het theatervak bepalend was geweest voor zijn verdere loopbaan als poppenspeler en theatermaker. Indrukken die hij tijdens zijn bezoeken aan (poppen)theaters en musea in Parijs opdeed, vormden zijn artistieke opvattingen. In Nederland was hij intussen opgenomen in het Theater der Verenigde poppenspelers in Den Haag en werd hij al gauw bekend.

Tovenaar van de lappen en draden

In krantenartikelen en recensies werd hij omschreven als de 'stille jonge Friese poppenspeler' die modern poppenspel liet zien met marionetten die pas hun ware vorm lieten zien als ze door Boschma in beweging werden gezet. Hij werd de tovenaar van de lappen en draden genoemd. Feike Boschma maakte ook poppenspel voor de televisie, dat begon al in 1956. Voor verschillende kinderseries maakte hij de marionetten en speelde hij voor de camera's. Boschma speelde echter het liefst voor volwassenen. Bij het door Rob van Houten opgerichte gezelschap Funhouse werkte hij in de jaren zeventig met poppen en paste special effects door poppenspeltechnieken toe. Daar ontdekte hij dat een acteur in combinatie met een speelpop verrassende en boeiende theatrale effecten teweeg bracht op een podium. Tot op hoge leeftijd bleef Boschma

Sjoch, der leit wat op 'e dyk

Haye Bijlstra, meiwurker fan Tresoar en poppespeler, wie sûnt syn trettjinde jier befreone mei Feike Boschma. Ek wie er poppespeler yn de poëtyske film 'Sjoch, der leit wat op 'e dyk' dy't Boschma mei Piter Tjeerdsma fan Omrop Fryslân yn 2003 makke. It fertelt it ferhaal fan in âlde hoed dy't nei lange tiid wer werom nei Fryslân komt en sjocht dat alles oars wurden is.

theater maken met poppen en marionetten. Hij maakte vele theaterproducties met wisselende theatermakers, waarmee hij in Nederland en in het buitenland voorstellingen gaf.

Inspiratie

Feike Boschma zocht zijn hele leven naar de essentie van de marionet. In verschillende artikelen trachtte hij antwoord te vinden op die vraag. In *Flamingo's aan de bar* (1996) is die jarenlange zoektocht gebundeld. De correspondentie van Feike Boschma aan zijn familie onthult mischien waar deze bijzondere theatermaker zijn inspiratie vandaan haalde.

Poppenspeler Feike Boschma met de kat uit de voorstelling 'Kat en mûs' in 1975.



Fryske dowematten

Tresoar hat it argyf oer Fryske dowetillen krigen, dêr't sneuper Simon Visser (1945-2023) jierrenlang ûndersyk nei die.

Simon Visser wie in fêsthâldend ûndersiker nei gegevens oer wylde downen, gibben, gibbeflechten en dowetillen, ek dowematten neamd. Yn it Nacionaal Archief yn Den Haag socht er âlde registraasjes fan de dowetillen yn Fryslân op. Dy registraasjes rinne fan 1807-1850, dêrnei binne se troch de provinsje oernommen en is it binnen Tresoar op te freegjen. Folle dreger is it argyfûndersyk yn de Nedergerjochten, dus foar 1807. As sneuper hat Visser him troch de Proklamaasje-, Reses-, Hypoteek- en Weesboeken hinne wraksele. Dat die er op in lêssapparaat foar fysjes, wat fanwegen it âlde skrift net maklik is. Geregeld wienen der dagen dat

er neat fûn. As ik him frege oft it wat opsmiet, krige ik gauris it antwurd: 'gjin fear'. Thús brocht hy alle fynsten oer downen per doarp en lokaasje ûnder yn oardners. Foar de PTT reizge Visser as elektroanikus troch de hiele provinsje. Underweis sette er in soad dowegatsjes yn tsjerketuorren, by staten, pleatsen en huzen op de foto en socht dêrnei yn de argiven nei de jiertallen mei eigeners en brûkers. Geregeld kamen de boeken fan it Kadaster derby om dy gegevens oan te foljen.


Libbenswurk

It hâlden fan healwylde downen wie eartiids fan belang foar de mienskip, om te iten, de fearren koenen brûkt wurde en de stront wie geskikt foar tabakstylt en brocht in soad jild op. Visser wist ek alles oer de wetjouwing yn relaasje mei downen. Net allinne foar Fryslân hâlde er in literatuerlist by, mar ek fan oare provinsjes.



Tegel mei in dowetil yn Museum Hindeloopen. (Foto Gerard Mast)

Yn 2021 hie er al mear as 770 dowetillen beskreaun. Soks foar it ljocht bringe, is in geweldige prestaasje. Yn Nederlân is gjin provinsje mei sa'n oersjoch. It wie Visser syn libbenswurk dêr't er ek oer publisearre yn ûnder oare Vanellus. Hy woe in boek skriuwe, mar ta syn teloarstelling rûn dat spoar dea. Mei de skinking fan tsientallen oardners bliuwt dizze rike histoaryske boarne bewarre en is op termyn foar elk te rieplachtsjen. ■



Het kippentrapje met duivengaten

Rekonstruksje fan in hinnetrepke mei dowegatten by in pleats yn Jelsum yn 1839. Tekening fan Simon Visser.

As ûndersiker fan Fryske einekoaien koe ik Simon Visser mear as 35 jier. Wy koenen it goed fine. As ik wat oer downen fûn yn de argiven, krige hy dat en oarsom krige ik syn fynsten oer einekoaien. Nei it ferstjerren fan Simon Visser mocht ik syn frou F. Visser-Faber en dochter Miranda helpe om it argyf foar de takomst feilich te stellen.

Scan de QR-koade en lêsk ek it ynterview mei Simon Visser yn *Letterhoeke* út 2008:



Doofpot van beroemde oeroerbeppe

Beginnend schrijfster Sjoukje Bokma de Boer (1860-1939) bezocht een vrouw in Warga waarover ze veel bijzondere verhalen had gehoord via haar dienstmeisje Hiltje. Ze scheef vervolgens, onder het pseudoniem Nienke van Hichtum, een wereldberoemd boek, gebaseerd op het leven van Harmke Feenstra-Tuinstra, de vrouw uit Warga. *Afke's tiental: een schets uit het Friesche arbeidersleven* verscheen in 1903. In detail beschrijft ze de bittere armoede waarin het gezin leefde.

Harm Postma is de achterachterkleinzoon van Harmke Feenstra-Tuinstra. Hij deed een unieke schenking aan Tresoar, waaronder een aantal objecten die het gezin destijds gebruikte: een doofpot, twee beeldjes en een warmhoudbord. Daarnaast omvat de schenking een exemplaar van *Afke's tiental* met een persoonlijk schrijven aan Hiltje, ondertekend met 'N. van Hichtum

(S. Troelstra-Bokma de Boer)' en een handgeschreven brief van 5 oktober 1934 van Sjoukje aan Hiltje toen haar man overleden was.

De doofpot

'Saapke nam de tang, en borg dien in de blank gepoetste doofpot' is de enige zin in het boek gewijd aan het bijzondere object. De kleur is anders, het boek is fictief, maar de doofpot is echt. De doofpot werd gebruikt om kooltjes in te doven, zodat ze op een later moment weer gebruikt konden worden. Bovendien voorkwam het dat het vuur om zich heen

Doofpot van Harmke Feenstra-Tuinstra.
(Foto Hays Bijlstra)

kon slaan en het huis in vlammen zou opgaan. Inmiddels is de doofpot uit gebruik geraakt, en is het woord beter bekend vanwege een andere betekenis. 'In de doofpot geraken doordat er geen richtbaarheid aan wordt gegeven, vergeten raken', zo omschrijft het *Woordenboek der Nederlandsche Taal* de uitdrukking in 1912. F.A. Stoett vond de oorsprong van het gezegde zoals hij omschreef in 'ons vergeetboek' uit 1686: 'in ding yn 'e dôfpot stoppe, smoare'.

Exemplaar van *Afke's Tiental* met voorin een persoonlijke noot van de schrijfster 'N. van Hichtum'. (Foto Hays Bijlstra)



Nijs fan de Stifting Freonen fan Tresoar

Freonemiddei

Op freed 17 maaie is der in Freonemiddei (14.30-16.30 oere) mei as sprekkers Fellow Felix Bosch, oer syn ûndersyk nei Geert Lourens van der Zwaag, en Twadde Keamerlid Aant Jelle Soepboer. Freonen krije yn de nijsbrief te hearren wêr't dizze middei is.

Nije Fellow

As nije Fellow foar dit jier is Nynke Bruinsma út Grou oansteld. By it Frysk Film & Audio Argyf (yn Tresoar) docht se ûndersyk nei de film- en bioskoopskiednis

fan Snits. De famylje Miedema út Snits hie ûnder de namme Algemene Nederlandse Bioscoop Onderneming yn 1939 alve bioskoopteäters yn Fryslân en Drinte. Yn de jierren tritich kaam in generaasje filmmakkers yn Fryslân op, dy't har yn 1936 ferienigen yn it filmkollektyf 'Film yn Fryslân.'

Bruinsma sjocht ek nei de betsjutting fan bioskopen op it mêd fan taal en mienkip mei fragen as watfoar ynfloed de bioskoop op de mienskip en identiteit hie en wat it plak fan de Fryske taal yn de film yn dy tiid wie.

Nynke Bruinsma studearre yn 2022 ôf fan de Research Master 'Arts, Media and Literary Studies' oan de Rijksuniversiteit Groningen. Se spesjalisearre har yn filmwittenskip, benammen yn filmteory en filmskiednis fan de betide sinema.

It bestjoer fan de Freonen winsket Nynke Bruinsma in soad sukses by har ûndersyk en wy sjogge út nei in moaie presintaasje fan it einrisseltaat. ■



Nynke Bruinsma.

Kustlijnen

Van Bert Loooper (oud-directeur van Tresoar) is het boek *Kustlijnen - Acht eeuwen kunst en kunstenaars in Friesland* verschenen. Aan deze publicatie hebben de Freonen meebetaald. In het boek neemt Loooper de lezer mee op een tijd- en ruimtereis door de wereld van de Friese kunst. Niet de kunst in musea, maar de kunst die in onze omgeving aanwezig is. Kunst die het verhaal van Friesland vertelt. Zo reizen we van het Leeuwarder ziekenhuis naar de Dokkumer raadzaal, van de kerk van Boazum naar de Stellingwerven en van Oostmahorn naar Mildam. Op deze reis door een periode van duizend jaar ontdek je

hoe achter elk kunstwerk een wereld schuilgaat. Wie zijn die Friezen eigenlijk: Europeanen, Friese Europeanen, Europese Friezen? Die voortdurende identiteitsvraag maakt de Friese kunst bijzonder en van landelijk en internationaal belang.



Letterhoeke is in útjefte fan Tresoar en de Freonen fan Tresoar
Letterhoeke ferskynt trije kear yn it jier en wurdt fergees tastjoerd oan de Freonen

Letterhoeke is een uitgave van Tresoar en de Vrienden van Tresoar
Letterhoeke verschijnt drie keer per jaar en wordt gratis toegezonden aan de Vrienden

Freon wurde?
Belje mei 058-7890789 of stjoer in mail nei ynfo@tresoar.nl
De bydrage is minimaal € 25 yn it jier.
It rekkennûmer fan de Freonen is:
NL78 RABO 0335 4795 53

Vriend worden?
Bel met 058-7890789 of stuur een mail naar info@tresoar.nl
De bijdrage is minimaal € 25 per jaar.
Het rekeningnummer van de Vrienden is:
NL78 RABO 0335 4795 53

Redaksje | Redactie
Marijke de Boer (einredaksje | eindredactie),
Wieke de Haan, Linda Hoekstra, Ids de Jong, Janna Kootstra en Janna de Jong (Freonen | Vrienden)






Byldmateriaal | Beeldmateriaal
John van Geffen

Foarmjouwing | Vormgeving
Richard Bos

Printwurk | Drukker
Dekker Creatieve Media & Druk

Ofbylding foarkant | Afbeelding voorkant
Side út sechtjinde-iuwsk hânskriift | Pagina uit zestiende-eeuws handschrift (Foto Haye Bijlstra)

Tresoar
Boterhoek 1
Postbus 2637
8901 AC Ljouwert
058-7890789
info@tresoar.nl
www.tresoar.nl

 www.facebook.com/tresoar
 www.twitter.com/tresoar
 www.pinterest.com/tresoar
 www.instagram.com/tresoar
 www.youtube.com/user/TresoarBoterhoek1

2024 Tresoar en de auteurs



Joke Hermsen.
(Foto Maarten Delobel)

Silent Book Club.
(Foto Natalia Balanina)

Mei-inoar lêze.

Aktiviteiten | Activiteiten

april

- 4 Lezing door Chris Dickenson, 'Artemis en de kracht van de natuur', Tresoar, 14.00 uur
- 4 Silent Book Club, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.45 uur
- 5 Mei-inoar lêze, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 11.30 oere
- 5 Lezing door Christina Williamson, 'Tussen hemel en aarde. Landschap en religie in de Griekse wereld', Tresoar, 15.00 uur
- 6 Friese Genealogische Contactdag 2024, Tresoar, 10.00-16.00 uur
- 9 Lezing door Vincent Hunink, 'Een antieke natuurramp: de uitbarsting van de Vesuvius (79 n.Chr.)', Tresoar, 19.30 uur
- 11 Lezing Filosofiecafé door Stijn Krooshof, 'Oefening in vertrouwen', Tresoar, 19.30 uur
- 13 NGV-Lezing door Martha Kist en Henk Dijkstra, 'Gevangenisregisters en het gevangeniswezen in vroeger tijden', Tresoar, 13.30 uur
- 18 Lunchlezing door Hester den Boer, 'Kamp Erika, het oorlogsverhaal van mijn opa', Tresoar, 12.30 uur
- 19 Mei-inoar lêze, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 11.30 oere
- 23 Jûn mei poëzy en muzyk op Wrâldboekedei, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.30 oere
- 25 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur
- 25 Skriuwerskafee, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.00 oere

maaie | mei

- 2 Silent Book Club, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.45 uur
- 3 Mei-inoar lêze, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 11.30 oere
- 16 Lunchlezing door Joke Hermsen, 'Heimwee naar de verte', Tresoar, 12.30 uur
- 17 Mei-inoar lêze, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 11.30 oere
- 17 KFG-Sieperda-symposium 2024: 'Unesco Erfgoed in Fryslân: Zegen of Last?', Tresoar, 13.30-17.00 uur
- 17 Freonemiddei mei in lêzing fan Fellow Felix Bosch en Twadde Keamerlid Aant Jelle Soepboer, 14.30-16.30 oere
- 21 - Pinksterdinsdag studiedag: Frisia | De Lage Landen in het eerste millennium, Tresoar, 15.30-18.00 uur
- 21 - Lezing door Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, 'Frisia: de Lage Landen in het eerste millennium', Tresoar, 20.00 uur
- 30 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur
- 30 Skriuwerskafee, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.00 oere
- 30 Lezing Filosofiecafé door Martijn Veltkamp, 'Het raadsel van het ik', Tresoar, 19.30 uur

juni | juni

- 6 Silent Book Club, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.45 uur
- 27 Skriuwerskafee, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.00 oere

Mear ynfo? > www.tresoar.nl > agenda

Meer info? > www.tresoar.nl > agenda